

It 'Joadsk tsjerkhôf' by Aldegea.

Dizze reidpôle leit isolearre, is fan net ien en wurdt it Joadsk tsjerkhôf neamd. Dit hat neat mei Joaden te meitsjen. Joaden wie in skelwurd foar swalkers en minsken dy't net goed bekend stiene. It wie in plak dêr't minsken begroeven waarden dy't net earne oars begroeven wurde koene. Fan 1463 oant 1580 wie der in nonnekleaster Nazareth by de Skuttelpoel oan de Rignedyk tusken Aldegea en Heech fan de Orde der Augustijnen, de 'Grouwe beginen'. Dizze nonnen sochten fanwegen de Hoekse en Kabeljauwse twisten in fredich plakje. Se bouden in buorkerij mei féstâlen en doe't se yn 1541 jild fan de Jonkema's út Wommels krigen, ha se dit wierskynlik foar in sikehûs brûkt. Swalkers, flechtlingen en slachtoffers fan de striid tusken 'skier en fet' kamen hjirhinne want ek yn de Súdwesthoeke fan Fryslân gong it der faak barbaarsk oan ta. Dizze minsken krigen by de susters ûnderdak en soarch. Mar der ferstoaren ek minsken.

Omdat Idzegea se leaver net op wijde grûn begrave woe en Idzegea faak muoilik te berikken wie, makken de susters harren eigen begraafplak. It stik lân dêr't no dit begraafplak is wie noch net oanmakke, it wie fan net ien en it lei flak efter it lân fan de susters. Der wie in pôle en dy ha de susters sa'n 80 jier lang as begraafplak brûkt. It soe best wêze kinne dat hjir in protte minsken út dy tiid begroeven lizze.

Mei de Reformaasje yn de 16^e ieuw waard it kleaster besit ûnteigene en mei de grûn gelyk makke. Mar der wiene hjir in protte boeren dy't Roomsk bleaune. Sa ek de Hoytema's en sy ha út respekt foar it wurk fan de susters in sleat groeven om it begraafplak. Dernei hat it fiif iuwen rêstich west op de reidpôle.

Op it einde fan de 19^{de} iuw belibbe it stikje grûn in twadde libben. It spoar tusken Snits en Starum waard oanlein. Omdat it in sompich gebied wie moast der in protte grûn ferpleatst wurde. Der ha wol sa'n tûzen man mei oan it wurk west. De maatskippij dy't de oanlis útfierde kocht grûn tusken it tsjerkhôf en de Putpleats om barakken foar it wurkfolk del te setten. Arbeiders koene sa'n barak hiere. Under it wurkfolk wiene in protte Dútsers en Belgen soms mei frou en bern. Mar der wiene ek frijgesellen dy't froulju komme lieten dy't hjir ek barakken hierden. Op dit terrein wennen yn dy tiid mear minsken as yn Aldegea. It wie dêr in hurd en rûch libben en by rûzjes foelen soms deaden.

In oantal deaden út dy tiid krige ek hjir harren lêste rêstplak. Dat docht bliken út de boargerlike stân fan Wymbrits. Dêr stiet û.o. yn dat yn 1883 fjildwachters oanjefte dogge fan de dea fan Friedrich Karl Kofler 32 jier út Maagdenburg. Dat fjildwachters oanjefte diene wiist op in geweldsdelikt. Hy is net yn Idzegea begroeven en sil dus ek op it Joadsk tsjerkhôf lizze. Der binne mear nammen yn de boargerlike stân fan bern en folwoeksenen dy't yn de keten ferstoarn binne en net nei Idzegea of harren eigen wenplak brocht binne. Der mei oannommen wurde dat dy hjir ek begroeven binne. Wat de nonnen oanlein hawwe en troch de boeren bewarre is, is ek in oantinken oan de barre libbensomstannichheden fan de wurkers oan it spoar. De heit fan Cees Walinga sei it sa: 'De spoarline is yn grutte earmoede mei de skeppe en de pipegaal ûnder fjochtsjen en in protte triennen oanlein.' Yn 1886 is it spoar yn gebrûk nommen en ferdwûnen de barakken. Johannes Walinga hat foarkomme kinnen dat it begraafplak ferdwûn mei de ruilferkaveling yn de jierren 90.

Dizze ynformaasje komt fan Cees Walinga en út it boek 'Tussen Brek en Skuttel' fan Johannes Walinga.

It 'Joadsk tsjerkhôf' by Aldegea



Gerben Rypmakuertocht 2016

